

**[0421] Assibilaesje fan forlytsings-*k* yn Sealter lânnammen***Zusammenfassung*

Die Endungen *-sen(e)* und *-sum* in den stl. Flurnamen werden durch Assibilation des *k* gedeutet aus *-kene* und *-kum*, also als Mehrzahlendungen zu Verkleinerungswörtern im Nominativ bzw. Dativ. Auch außerhalb des Bereichs der Flurnamen werden davon einige Spuren gezeigt. Als Grundwörter werden ermittelt stl. *Foan* 'Moor', *\*jâin* 'Streifen Wiese', *\*mout* 'kleine Parzelle' ('Stückchen'), *\*waar(e)* 'Parzelle der Wechselwiesen', *\*fâl* 'Abhang' ('Fall') und *Holt* 'Gebüsch, Gehölz'.

Dieser Artikel bildet eine Vorstudie zu einer vollständigen Ausgabe des stl. Flurnamenmaterials, in der auch die Quellen der hier benutzten Formen angegeben werden sollen<sup>1</sup>.

Under de likernôch achthûndert Sealter lânnammen komme forskate foar dy't op *-sen(e)* útgeane, lykas *Foansen*, *Jeensene*, *Moutsen*, *Woarsene* en *Hierlassene*. Op *-sum* einige *Faansum*, *Fâlsum* en *Holtsum*<sup>2</sup>. Alhoewol't Siebs<sup>3</sup> en Schulte<sup>4</sup> al oer de Sealter lânnammen gear west hawwe, lykje my de forklearringen foar dit type net alheel bifredigjend ta. Ik weagje der dêrom in aparte skôging oan.

De meast foarkommende namme is *F o a n s e n*. Op himsels komt it foar yn R en S<sup>5</sup> (yn S as *Faansen*) en as gearstalling yn *Meente-*, *Bârlje-* en *Iskfoansen* yn R en *Loofaansen* yn S. It binne allegearre boulânkompleksen (*Isk*) dy't út smelle stripen fan forskillende eigners bistean. Siebs (*FN* 177) forklearet it as *Foanhuusen* 'feanhuzen'. Noch bûten it tsjintwurdige *Huuse* 'huzen' pleitet dêr tige tsjin dat de eigendomsstruktuer yn sa'n *Isk* festiging bûten it doarp hast ûnmûglik makke, ek om't it measte oare lân, fral it net oanmakke lân, mandeguod wie (*Määrk*). Tsjin festiging yn 'e *Määrk* bistie greate wjerstân. Sa wurdt noch altyd forteld dat it earste hûs yn Hollenerfoan foar twahûndert jier mei it gewear fordigene wurde moast<sup>6</sup>, wylst it yn Schâddel earst nei de greate brân fan 1821 ta bibouwing bûten de groatfolle doarpskearn kaem<sup>7</sup>. Wol is der yn it lege lân by de *Ai* praet fan *Buurgen* (stiennene huzen?)<sup>8</sup>, mar dat is dúdlik bûten de hege krite der't de *Foansen* lizze.

Schulte seit: '*Foansen* von *Fan* = Moor und *sen* = Zugehörigkeit und Aussonderung = das zur Nutzung ausgesonderte Moor, daß durch Übersandung nutzbar geworden ist'. As nammeforklearring is dat net alhiel alheel folslein, mar de oanjowne gong fan saken hat wol eigenskip, fral om't it giet om stikken lân dy't troch har lizzing efter oare stikken faeks net ta it alderâldste boulân hearre. Dat jowt dan oanlieding om oan to sluten by in bitsjutting *Foan* = 'stripe oan to meitsjen feangroun'. Forlykje by Siebs '*Wan me deer 'n Foan häd, di fiftich Treede breed is ...*'<sup>9</sup> of by Janssen '*hied di Snider ... 'n Foan koopd*'<sup>10</sup>. Wy fine dat ek yn lânnammen, b.g. *Witefaan* en *Heedefaan* yn U, *Tilfaan* en *Adams Faanke* yn S. Dat lêste is ek wer in lyts perseeltsje

boulân en it liket my ta dat wy *Foansen/Faansen* sjen moatte as meartal fan dat *Faanke* mei assibilaesje fan 'e *k*. Ornaris hjit in stripe op 'e *Isk* fan *Spal*, mar men kin jin yntinke dat yn it noch net alheel folweardige oanmakke fean dêr't faeks ek de eigendomsforhâldingen hwat oars leine, de namme *Faanke* brûkt waerd. Forlykje ek *faenka* dat Siebs<sup>11</sup> út net neijer neamde Eastfryske oarkunden oanhellet by *Foanplakke*.

Der binne biswieren om *Foansen* as in meartal to sjen. Forlytsingswurden wurde yn it Sealtersk net folle (mear) brûkt en yn it meartal noch namsto minder, mar ik foun dochs noch de folgjende foarbylden: *Knöäkskene* 'bonkjes', *Staankene* 'stokjes', *Päärtjene* 'kneppels oan weeftou'<sup>12</sup>, *Näägelkes* 'tsiisnagels', *Stonnerkene* 'standerkes', *Stokschene* 'stokjes'<sup>13</sup> en *Höönkene* 'hoantsjes'<sup>14</sup>. Bûten it dúdlike lienwurd *Näägelkes* geane se allegearre op *-ene* út. Fierderop by *Woarsene* sjogge wy lykwols wiksel fan *-en* en *-ene*, dat wy kinne oannimme dat by *Foansen* de slút-*e* weifallen is. Wy geane dêrom út fan *\*foansene*, mei deselde útgong as *Maanskene* 'minsken', *Oogene* 'eagen', foar 't neist út 'e genityf meartal'<sup>15</sup>. Hjoeddedei wurdt de namme net as meartal field en der wurdt sein: *in 'e Foansen, in ju Foansen*. *Ju* is froulik lidwurd, mar 'e kin ek lidwurd foar it meartal wêze, krekt as *doo yn in doo Foansen* by Minssen<sup>16</sup>.

Wy basearje ús nou op hwat Hofmann foar it Noardfrysk oannimt<sup>17</sup> en geane út fan:

sg. *\*fān-i-ka*                      pl. *-\*fān-i-ka-na*

Yn 'e (langere) meartalsfoarm sil de *a* wol earder stimleas wurde en wy krije dan:

sg. *\*fān-i-ka*                      pl. *\*fān-i-ke-na*

Foar de *-e* wurdt nou (wylst de *-i-* fordwynt) assibilaesje *k > ts* mûglik<sup>18</sup>:

sg. *\*fān-ka*                          pl. *\*fān-tse-na*

Oan it bigjin fan in wurd wurdt *ts* ta *s* en it leit yn 'e reden dat dat oan it bigjin fan in wurdlid (nei in bylûd!) ek sa wêze sil. Spitigernôch hawwe wy dêr gjin dúdlike foarbylden fan: by assibilaesje nei in lûd wurdt *ts* oer twa wurdlidden fordeeld (b.g. yn *Hit-se-le* 'hikkel') en bliuwt de *t* bistan<sup>19</sup>. Mei it stimleas wurden fan 'e ein-*a* krije wy nou:

sg. *Faanke*                              pl. *\*faansene/\*foansene*

Op dy wize kinne wy faeks forklearje hwerom't by it iental de assibilaesje weibleaun is. In oare forklearring kin lykwols lizze yn it feit dat *Adams Faanke* dúdlik in frij jong perseel is.

Bûten de lânnammen is assibilaesje fan 'e forlytsings-*k* tige seldsum, mar it liket dochs to sitten yn *sprûtzen* 'roeden der vensterramen'<sup>20</sup> < \**sprut-ke-ne*(?), dêr't nou it etymologysk oerienkommende nhd. lienwurd *Sprosse* foar brûkt wurdt. Fierders sjogge wy it faeks yn it forlike mei *Spütterke* (R) frjemde pear *Spütterse* (U) en *Spüitterse* (S) 'flibe'<sup>21</sup>, dêr't ik yn R noch de mingelfoarm (?) *Spitterske* fan optekene haw. It kin wêze dat *-se* yn dat wurd troch ynfloed fan 'e frij algemiene stofnamme-útgong *-else* (< afr. *-elsa*, b.g. yn *Häkkelse* 'haksel', *Stiuelse* 'stisel', *Feegelse* 'stof') biwarre is, wylst it yn 'e oare gefallen troch analogywurking wer forlern gien is. Yn 'e ûntrochsichtige lânnammen koe it fansels ek makliker biwarre bliuwe. Faeks sit it ek noch yn 'e plaknamme *Schiepsen*<sup>22</sup>, nou *Westerscheps* op 15 kilometer east fan Sealterlân.

Yn it wfr. ha wy assibilaesje fan 'e forlytsings-*k* yn persoansnammen lyk as *Wynsen*, *Betsen*<sup>23</sup> en yn in skift nammen fan jildstikken en mjitten (wfr. *botsen*, *oartsen*, *kynsen*, *skeisen*, *lepen*) dy't faeks tagelyk ûntliend binne (< mnl. *botkijn*, *ortkijn*, *kindekijn* ensfh.)

Grif ek by *Faan heart Faansum* (U) mei dêrnjonken ek noch de net-assibiliarre foarm *Faankum* (S), dy't yn 'e 'Flurbücher' sels mei it lidwurd 'die' foarkomt, hwat wol op in meartal wize sil. Dat binne wer krekt sokke perselen as it type *Faansen* en ik soe it dêrom foar in datyf meartal hâlde wolle: *in tha \*fān-i-kum*<sup>24</sup>. Hjoeddedei haw ik dat *-um* oars noch net heard as [um], hwat komme kin meidat forbân lein is mei stl. *um*, *ume* 'om' (forg. by *Holtsum*). Lykas yn it wfr. en nfr. sille wy lykwols foar it âldere stl. wol mei [øm, øm, om] rekkenje meije, hwat dan assibilaesje ta *\*fān-tsum* > *Faankum* mûglik makket<sup>25</sup>. Yn it wfr. fine wy assibilaesje yn in oerienkommende posysje yn 'e plaknammen *Feinsum* en *Berltsum* (ndl. *Finkum* en *Berlikum*).

As datyf meartal sille wy ek *Fälsum* (S) biskôgje moatte. Schulte forbynt it mei 'Findlinge von Fils, vlies, Fels (die Parzelle war Gemeinde-eigentum)'. It is in rilk heech stik lân tichte by it doarp yn in binnenbocht fan 'e Äi, it streamke dat Sealterlâns libbensier wie. It is bêst mûglik dat it brûkt is as opslachplak foar de stien dy't troch de Sealter skippers út it suden, út 'e Hümmling helle waerd<sup>26</sup>. It kin fansels wêze dat mei de saek ek it wurd (mnd. *vels*) yn Sealterlân kommen is. Lykwols hat dat wurd de bitsjutting 'greate rots, berch' ynsté fan 'losse stien' (dy't boppedat wer stl. *Flinte* hjit).

Itselde wurd is faeks de Eastfryske plaknamme *Filsum* (yn 'e 10de ieu *Fillisni*) dy't troch Schönfeld<sup>27</sup> forboun wurdt mei ndl. *Velzen*, dat er mei 'feal' yn forbân bringt. In oare mûglikheit is dat wy âfr. *fel* 'fal' yn in bitsjutting 'skeante' oannimme<sup>28</sup>. Soks kin wol strike mei de hichteforhâldingen en wurdt noch stipe fan de ndl. lânnamme *val*<sup>29</sup>. Wy krije dan *\*fel-i-kum* > *\*fel-tsum* > *Fälsum*.

'Im Holzum' (U) seit it 'Flurbuch' en spitigernôch haw ik de tsjintwurdige útspraak noch net bineikomme kinnen. Om't lykwols it folle trochsichtiger *Holtisk* (S) as

'*Holtesch*' werjown is, forwachtsje ik dat dy z hjir wier foar *ts* stiet en wy krije dan *\*in 'e H o l t s u m*, hwat oangeande it lidwurd likegoed datyf meartal as datyf manlik wêze kin. Schulte tinkt: 'nicht auf Holz, sondern auf die Lage deutend = Grundstück welches um das Erdloch (hol) der Flußbiegung liegt'. Dat komt wol aerlich mei de lizzing út, mar *hol* komt bûten de minder trochsichtige doarpsnamme *Hollen* allinne as adjektyf foar en boppedat is it hwat in frjemde konstruksje: earder soe men dan *\*um 't Hol*, forwachtsje. Ik soe it dêrom as datyf meartal fan *Holt* 'strewel, bosk'<sup>30</sup> sjen wolle. Forlykje de bosknamme *grote Holt* (S). Wy krije dan: *\*holt-i-kum > \*holt-tsum > Holtsum* en ik kin my yn dat sompige lân bêst hwat beamguod yntinke.

*J e e n s e n e* (S) is in kompleks lege stikjes greide nach der Verteilung des Heuertrages der Wechselwiese Mahd um Mahd'. It grounwurd sil wol wêze *Jäin* (R en U) < *\*Jeein* < *\*jēn*, ek lege stikken greide by de *Äi*, fordeeld yn perseeltsjes, dy't yn R yn dúdlike stripen lizze. Ek by de *Äi* leit *Poapjain* (R). Hjir jowt Schulte wer deselde forklearing dêr't er dan noch 'Jahn' by oanhellet. Siebs (FN 175) hâldt dy mûglikheit ek iepen mar tinkt by gebrek oan oerienkomstige wurden yn it nd. en fr. dochs earder oan in ôflieding út *Jäiden* ('jern' > 'net'?) of út ags. *geard*, mnd. *jarden*, nhd. *Garten*. Lettere ûndersikingen hawwe lykwols nd. sibben fan nhd. *Jahn* 'wurdze hea, stripe lân' oplevere<sup>31</sup>. Foar it Sealtersk sil dêrom wol de grounbitsjutting 'stripe greidlân' oan to nimmen wêze. Wy krije dan as ûntjowing: *\*jen-i-ke-na > \*jen-tse-na > Jeensene*. De forkoarting *ē > e* kin oerienkomme mei hwat Hofmann foun hat<sup>32</sup> en is needsaeklik om nei lettere rekking *e > ee* de lûdwiksel *ee/äi* to forklearjen<sup>33</sup>. Itselde komt foar yn *Meedje* (R) njonken *Mäid* (R).

*D o o M o u t s e n (e)* (R en U) binne strypkes leech greidlân by de útbuorren *Baaljene* (U) en stikjes legere greide by it doarp (R). Yn beide gefallen wurdt de namme neffens it lidwurd *do* dúdlik as meartal field. Siebs (FN 177) docht it ôf mei 'Familiename, sonst nicht bekannt in Friesland', mar dat moat hast in forsin wêze; ik haw dy namme net fine kinnen. Schulte: 'als Grünland genutzt, von Moot = zertretene Torf- und Moorstücke und sen = Zugehörigkeit und Absonderung, ist das aus der Mark ausgesonderte Grundstück daß wohl stark krummeligen Boden hat'.

Fan it wurd 'Moot' dat ik yn it Sealtersk net tsjinkommen bin, is it komôf net dúdlik. Franck-Van Wijk<sup>3</sup> liedt it ôf fan in âfr. *\* mâte* < germ. *\*maitō* (forl. goat. *maitan* 'snije'). De útspraek mei [ou] yn U kin dêr foar sprekke, hwant dat kin ûntstien wêze út âlder [o:] < âfr. *ā*<sup>35</sup>. Wy krije dan: *\*mōt-i-ke-na > mōt-tse-na*. Wy kinne dêrby faeks ek tinke oan 'lytse stikjes lân'. Yn R hat it wurd lykwols [ou] < âfr. *ō*. Dat soe allinne mar fan 'Moot' komme kinne as dat as [mout] út it Leechdútsk ûntliend is, sadat it dan alteast yn it Sealtersk net oarspronklik is.

In oare mûglikheit (alhoewol gjin meartal) soe wêze âfr. \**mōkene* 'fynmakke groun'<sup>36</sup> by in tiidwurd \**mōka* 'fynmeitsje' (forl. wfr. *mōke(rje)*, *meuke* ndl. *meuken* 'murf wurde; murf siede' en dêrby wfr. ndl. *moker* 'swiere hammer' ('fynmakker'), dat wer as *Mööker* yn it stl. oernommen is<sup>21</sup>). Om't dat lykwols wer mei goat. *mūka-modei* forboun wurdt<sup>37</sup>, kin dat \**mōka* ek net oarspronklik wêze. Opfallend is dat de 'Flurnamenkartei' foar Warfleth yn it âlde Stedingerlân de lânnamme *Motzen* jowt.

*W o a r s e n (e)* komt mei it froulike lidwurd *ju* foar as in greate yn lytsere stikken fordeelde stripe greide by de Äi yn S. Dêrnjonken de útspraak *Boarsene* (*Bürsene*). Minssen<sup>38</sup> neamt it 'ein morastiges, sumpfiges Stück Land'. Schulte: 'von wars, wors = niedrig gelegener Wiesengrund'. *Woarsenstükke* (R) liedt Siebs (*FN* 185) ôf fan ndl. eastfr. *wars* > stl. \**wors* as 'schlecht' of 'entgegen-gesetzt'. Ek lange stikken greide by de Äi lâns binne *Leemwoarsene* (ek wol *Leemboarsene* (S)) en *Boomboarsene* (R). Dat dit net fan it bêste lân wie, dêrop wize wol *Leem-* 'liem' en *Boom* 'beam'. Oer de wiksel [u]-b is al earder skreaun<sup>39</sup>; dêrby moat opmurken dat fral yn S de bigjin-w faek as [u] of [vu] útsprutsen wurdt. Wy sille dêrom wol mei *Woarsene* as oarspronklike foarm rekkenje moatte. Yn *Boomboarsene* hat de *b* it grif woun troch it stêfrym. De dêrfoar jildende forklearrings fan Schulte ('Grundstück mit hartem Gras gleich einer Bürste und mit Baumstümpfen') en Siebs (*FN* 185, 'Baumbrüche', < nhd. *borste* 'spjalt') lit ik dêrom bûten biskôging.

Tapassing fan \**wors* = 'min' makket in ôflieding nedich lykas by âfr. *wēstene* 'woastine'<sup>40</sup>. Om't it wol in lienwurd wêze sil (afr. *wersia* lit earder \**wers* 'forwachtsje'), is it wol hwat nuodlik om foar dat wurd sa'n seldsume foarming oan to nimmen dêr't fierders gjin spoaren fan binne

Dêrom soene wy ek ris forbân lizze kinne mei wfr. *warren* (pl.), neffens Postma<sup>41</sup> de perselen dêr't de mienskiplike miedlannen yn fordeeld wienen. Neffens de 'Flurkarten' hearde *Woarsene* (S) yndied by de 'Scharreler Wechselwiesen' dy't yn 1861 op 'e nij forkavele en fordeeld waerden<sup>42</sup>. Forliking mei wfr. *tarre* - stl. *Taar* jowt as grounwurd \**waar*, dat oerienkomme kin mei 'Die Wahre' yn 'Flurkarte' en 'Flurbuch' fan 1839; it binne inkelde perseeltsjes yn dy *Woarsene*. De nije 'Mutterrolle' to Schäddel en de 'Flurnamenkartei' jowe lykwols 'die Wehre', mar troch de forkaveling fan 1861 is der nou net folle mear fan bikend, ek net of *dät Weer*<sup>43</sup> itselde is. De ûntjowing wurdt: \**war-i-ke-na* > \**war-tse-na* > \**wor-tse-na* > *Woarsene* (*a* > *o* troch ynfloed fan *r*<sup>44</sup>).

Fan bilang yn forbân mei dy 'Wechselwiesen' is noch hwat Minssen by 'wixelnge' seit: 'im S(ater)lande haben die Bauern immer je 10 u. 10, oder je 8 u. 8 ein Stück Heuland gemeinsam im Gebrauche, und zwar so daß im *einem* Jahre A das erste, B das zweite Stück u.s.f. gebraucht; im zweiten Jahre gebraucht aber A das Stück welches B im vo-

rigen Jahre gebraucht hat, B das des C. u.s.w., bis A wieder an das Stück kommt, welches er vor zehn oder acht Jahren schon einmal gebraucht hat. Das Stück welches jeder in jedem Jahre als Weide- oder Heuland benutzt, heißt: "djû wérste"<sup>45</sup>. It lêste wurd, alhoewol yn in hwat ûndúdlike tekst, kin faeks forboun wurde mei afr. *wirst* 'minst', dêr't wy wer mei op ús earste forklearring komme soene.

*Hierlassen* (e) (S) (Minssen:'djû härlessene') wie in woast sompelânskip sahwat trije kilometer súdlik fan it doarp: 'Foar fûftich Jier saach me in de Hierlassen ... noch fuul wûldwoaksende Hoaselnute Struken'<sup>46</sup>. Schulte: 'wohl von here, harri = kleiner Höhenzug und lar, laes = Grasplatz am Abhang'.

Mei Schulte leau ik dat wy lykas b.g. by *Leemwoarsene* it wurd yn twa parten biskôgje moatte. 'Haar', wfr. *hear*<sup>47</sup> 'heech sânnich lân' soe lykwols stl. \**hoor* opleverje<sup>48</sup> en is as earste part ek net botte wierskynlik. Ik soe *Hier*- dêrom lyksette wolle mei stl. *Hier*, nhd. *Haar* 'hier', hwat dan slaen kin op 'e wylde bigroeijing (forl. nhd. *ein Schlag in Haaren* 'biwoechsen stik boskgroun'; in bitsjutting dy't ek maklik earne op 'e nij ûntstean kin). Yn it twadde lid kinne wy hjir net mei assibilaesje fan *k* to meitsjen ha, om't op 'e grins fan twa wurdlidden de *t* fan *ts* net weiwurdt (sj. boppe). Salang't wy fan '*laar*' > '*las*' gjin biwizen yn 'e omkriten fan Sealterlan ha, soe ik it dêrom oanslute wolle by mnd. mnl. *las* 'wurch', ags. *leswe* 'falsk, min', goat. *lasiws* 'swak' yn forbân mei de ûnfruchtberens fan 'e groun. Dat makket dan wer in *-ene*-ôflieding neffens âfr. *westene* needsaeklik. De einbitsjutting is dan 'meagere groun mei beamguod'.

Yn it boppesteande gie it fral om de útgongen, al moast der oan 'e grounwurden ek hwat omtinken jown wurde om de funksje fan 'e útgongen dúdlik to meitsjen. Op alderhanne punten kin noch neijer op dizze nammen yngien wurde, mar ik hoopje dochts dat it my slagge is om de útgongen op in bifredigjende wize út to lizzen. Wy hawwe dan yn 'e Sealter lânnammen, dy't al ryk binne oan forlytsingswurden yn it iental, nou ek forskate yn it meartal, guon sels mei de âlde datyf-útgong. Boppedat docht dan bliken dat by assibilaesje fan *k* nei in bylûd de *t* fordwynt en dat wy dêrfan bûten de lânnammen ek noch inkelde spoaren fine. Troch de rike foarrie oan lânnammen en de frij dúdlike ûnderskie- ding tusken âlder en nijer oanmakke lân kinne wy moai wis sizze dat de assibilaesje letter net mear foarkomt wylst de datyf-útgong noch bliuwt (*Faankum*). It net foarkommen fan 'e assibilaesje yn it iental kin nêst analogyynfloeden ek dêroan taskreaun wurde dat de klam by koarte wurden oars lei; it oanhelle *Spûtterse* is yn it iental al lang. In mûglik troch ynfloed fan it tige algemiene grounwurd *Foan* lang bliuwen fan it stamlûd yn *Foansen* kin dêr oanlieding west ha ta it folslein fordwinen fan de ein-*e*.

## N o a t e n

1. Herzlich möchte ich Herrn Vermessungsdirektor Dr. O. Harms und seinen Mitarbeitern vom Vermessungsamt zu Oldenburg wie auch Herrn Oberinspektor Raykowski vom Staatsarchiv ebenda danken, die mir aufs freundlichste halfen, das vorhandene schriftliche Material (Flurkarten, Flurbücher, Flurnamenkartei) auszuwerten.
2. Deselde stavering wurdt brûkt as yn it *Seelter Woudebouk*, Ljouwert 1961, mei as útwreiding  $\ddot{u} = \emptyset$ ,  $eei = [e:i]$ ,  $\hat{s} = [z]$ . De gewoane ôfkoartings foar talen wurde brûkt (stl. = Sealtersk/saterlândisch, wfr.= westerlauwersk Frysk/westfriesisch).
3. Th. Siebs yn *Germanistische Abhandlungen XII*, Breslau 1896, s. 165-194. Fierder oanhelle as *FN* mei sidenûmer.
4. H. Schulte, *Deutung der saterlândischen Flurnamen*. Hânskrift by de gemeente Schâddel, my freonlik tagonklik makke troch de hear Th. Deddens. It sil by de Sealter lânnammen folslein útjown wurde.
5. De trije tongslaggen wurde oanjown mei U = Strukelje/Strücklingen (Utende), R = Roomelse/Ramsloh en S = Schâddel/Scharrel.
6. Freonlike meidieling fan de hear J. Dumstorf to Hollenerfoan.
7. O. Harms yn *Heimatkalendar für das Oldenburger Münsterland*, Vechta 1955, s. 68-72.
8. J. Bröring, *Das Saterland I*, Oldenburg 1897, s. 24-25.
9. Th. Siebs yn *Volkskundliche Gaben*, Berlin und Leipzig 1934, s. 202.
10. H. Janssen yn *Lesebouk foar Sealterlound*, Sealter rubryk yn *General Anzeiger Westrhauderfehn*, nû. 13 (1953).
11. *FN* 172.
12. J. F. Minssen, *Mittheilungen aus dem Saterlande*, de twa lêste delen, *M2* en *M3*, Ljouwert 1965 en 1970. Oanhelle resp. út *M2* 120, *M3* 109 en *M3* 126.
13. Th. Siebs, *Volkskundliche Gaben*, Berlin und Leipzig 1934, resp. s. 210, 212 en 216.
14. Bânopname Roomelse.
15. Th. Siebs, *Geschichte der friesischen Sprache yn Grundriß der germanischen Philologie Bd II: 2*, Straßburg 1901, s.1349. Fierders oanhelle as *Grdr.*
16. Minssen, *M3* 81.
17. D. Hofmann, *Die k-Diminutiva im nordfriesischen und in verwandten Sprachen*, Köln-Graz 1961, s. 23.
18. *Grdr.*s.1290.
19. *Grdr.*s.1292.
20. M. de Haan Hettema en R.R. Posthumus, *Onze reis naar Sagelsterland*, Franeker 1836, s. 250.
21. H. Matuszak, *Die saterfriesischen Mundarten von Ramsloh, Strücklingen und Scharrel inmitten des niederdeutschen Sprachraumes*, Diss. Bonn 1951.
22. Minssen, *M2* 193.
23. De hear Teake Hoekema to Súdhorn hat my dêrop wiisd; faeks binne dy nammen ek as groep ûntliend?
24. *Grdr.* s. 1340.
25. *Grdr.* s. 1242, 1290.
26. *Oldenburg, ein heimatkundliches Nachschlagewerk*, Vechta 1965, s. 239.
27. M. Schönfeld, *Nederlandse Waternamen*, Amsterdam 1955, s. 90.

28. Forl. W.J. Buma yn *It Beaken XIV* (1952), s. 180-187 en it dêr oanhelle ags. *fiell* 'Fall, Abhang'.
29. M. Schönfeld, *Veldnamen in Nederland*, Amsterdam 1950, s. 43.
30. Minssen, *M2* 111.
31. In oersjoch by H.J. Mews, *Die Mundart des Oldenburger Ammerlandes*, (Diss. Göttingen) Oldenburg 1971<sup>2</sup>, s. 92-95.
32. Hofmann, *o.w.*, s. 19 ff.
33. *Grdr.* s. 1386.
34. J. Franck en N. van Wijk, *Etymologisch Woordenboek der Nederlandse taal*, 's-Gravenhage 1949, s. 441.
35. P. Kramer yn *Us Wurk XVII* (1968), s. 24.
36. F. Kluge, *Nominale Stambildungslehre der altgermanischen Dialekte*, Halle 1926, s. 77-79.
37. Franck-van Wijk, *o.w.*, s. 438.
38. Minssen, *M3* 81.
39. P. Kramer yn *Us Wurk 20* (1971), s. 53.
40. Kluge, *o.w.*, s. 79.
41. O. Postma, *De Friesche kleihoeve*, Leeuwarden 1934, s. 127, 172.
42. F. Diekmann yn *Heimatkalender für das Oldenburger Münsterland*, Vechta, 1957, s. 65-67.
43. Minssen, *M3* 81.
44. *Grdr.* s. 1385.
45. Minssen, *M2* 187.
46. H. Janssen yn *Lesebouk* [ensfh.] (1954), (sj. noat 10), nû. 87.
47. P. Sipma, *Fryske Nammekunde II*, Drachten 1966, s. 150.
48. *Grdr.* s. 1387.